


Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare oan it spoar



© kaart Tresoar

Folsgeare oan it spoar

De earste Spoarweiwet strânnet yn febrewaris 1860 yn'e Earste Keamer. Dizze wet moat it mooglik meitsje dat oan partikuliere maatskippijen konsesjes ferliend wurde foar de oanlis fan spoarwegen. De steat moat dêrnei subsydzje ferliene foar de oanlis fan'e needsaaklike brêgen oer de grutte rivieren. De wet liedt ta in kabinetskrisis en it ôftreden fan it kabinet Rochussen.


It nije kabinet Van Hall-Van Heemstra nimt in nije Spoarweiwet oan, dêr't de steat in liedende rol by kriget foar de ûntwikkeling fan it spoarweinnet. Der bliuwt lykwols romte foar inisjativen foar spoarweiplannen troch partikulieren.

De earste line dy't troch de steat oanlein wurdt, is dy tusken Ljouwert en Harns. Dizze line wurdt yn 1863 yn gebrûk nommen. Harns kriget prioriteit, want de stêd hat yn dat tiidrek ien fan'e wichtichste havens fan Nederlân. Rotterdam en Amsterdam binne dreech berikber troch it fersânjen fan resp. de Rijnmond en it IJ.

Dêrnei wurdt troch û.o. van Welderen Baron Rengers c.s. in konsesje-oanfraach dien foar de oanlis fan in spoarline tusken Harns en it Hearrenfean.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare oan it spoar




Op dizze kaart fan Eekhoff is it trasee yntekene.

De spoarline sil rinne moatte tusken Folsgeare en de pleats Scheender state fan de fam. Kooistra.

Súdlik fan Snits en noardlik fan Nijlân is in stasjon yntekene.


Fanút Folsgeare ha je dan de kar om óf yn Snits óf yn Nijlân op te stappen.



kaartsjes Tresoar

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare oan it spoar



It sydoansicht fan
it stasjon yn
Wytmarsum,
Nijlân en de
Jouwer.

Tekening Tresoar.

Der wurdt ûndersyk dien ...

Een ingenieur, afgevaardigd door de Maatschappij tot expl. van Staatsspw., heeft een plaatselijk onderzoek ingesteld naar de streken, waardoor de lijn Harlingen—Sneek—Heerenveen zal lopen. Men wil dat de commissie die deze spoorweglijn ontworpen heeft, voornemens is deze lijn, na den aanleg, door genoemde Maatschappij te doen exploiteeren.

Het Nieuws van den dag :
kleine courant
17-11-1871

... der binne grutte plannen ...

Twee heeren uit Woerden hebben concessie gevraagd voor den aanleg eener spoorlijn over Harlingen, Heerenveen, Hoogeveen, Coevorden, Nieuwhuis en Nordhorn naar Salszbergen. Door de verwezenlijking van dat plan zou blijkbaar het hoofddoel zijn: verbiading van Harlingen met midden-Duitschland. De concessionarissen toch vragen niet naar de rentabiliteit der onderdeelen van de lijn, - anders hadden ze van Hoogeveen niet door de doode streek, waarin Coevorden en Nieuwhuis liggen, doorgetrokken, maar de lijn omgebogen naar Twenthe.

Dragtster courant
03-04-1873

... en der wurdt jierrenlang oer sprutsen...

Algemeen Handelsblad
31-03-1879

Friesche lijn.

Nadat voor een paar dagen door den gemeenteraad van Lemsterland een adres aan den minister van waterstaat, ter verkrijging eener spoorlijn Harlingen—Bolsward—Sneek—Joure—Heerenveen met een zijtak Joure—Lemmer, is ingezonden, is het navolgende adres, voorzien van een groot getal handteekeningen, door de ingezetenen dier gemeente aan Z. E. gericht:

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare oan it spoar

... mar it plan giet net troch en Folsgeare komt net oan it spoar te lizzen.

“Folsgeare oan it spoar” komt wer ûnder de oandacht as spoarwei yngenieur J.W.Th. van Oyen yn juny 1919 de opdracht kriget om in ûntwerp te meitsjen foar de nije Suderseespoarwei op basis fan it plan Lely.



Kaartsje: Zuiderzeevereniging, makker: A.A. Beekman, 1890 – 1900

De line moat foar stasjon Anna Paulowna ôfsplisse fan’e spoarline fan Alkmaar nei Den Helder en lâns de lettere Provinciale dyk 249 rinne, lâns de Amsteldiepdyk en dêrnei oer Wieringen nei Den Oever. Dêrnei oer de Ofslútdyk nei Piaam op it Fryske fêstelân en by Hieslum oanslute op’e spoarline fan Starum nei Ljouwert.

De gemeenten Boalsert en Snits binne it net iens mei it keazen trasee en pleitsje fanwege harren ekonomyske belangen foar in alternatyf trasee bylâns dizze plakken. Dit hâldt yn dat fan Boalsert ôf de spoarline aanst lâns Folsgeare nei Snits rinne sil.

Safier komt it net, want yn 1925 falt it beslút om de Ofslútdyk net by Piaam, mar by Surch oanslute te litten op it Fryske plattelân omdat de seeboaiem dêr steviger is. It gefolch hjirfan is dat de spoarline nei Surch lâns de lettere Rykswei 31 nei stasjon Harns rinne sil en dêrwei oanslute op’e spoarline nei Ljouwert en Grins.

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare oan it spoar

Snits en Boalsert litte harren hoop op in direkte oansluting op'e Suderseespoarwei net sjitte. Mei in finansjele bydrage fan it Fryske provinsjebestjoer besykje hja de Nederlânske Spoorwegen (NS), doe noch in belangemaatskip fan fjouwer partikuliere maatskippijen, oer te heljen noch in kar te meitsjen foar in súdeastlik trasee.

De oanlis fan'e Ofslútdyk begjint yn 1927. De binnenberm is bedoeld foar de oanlis fan in dubbelspoar treinbaanfek. Der wurde noch gjin rails lein, mar der komme wol alfêst ferskate foarsjenningen foar de takomstich oan te lizzen spoarline.



De Ofslútdyk mei de binnenberm ornearre foar de spoarline.

foto: Nieuw Land Erfgoedcentrum

Boalsert hâldt der betrouwen yn.....

LC 21-01-1925

„Hollandia”. Onze aandacht zal gevraagd worden voor de Zuiderzeeplannen, vooral als de afsluitdijk op Piaam zal uitkomen, wat voor Bolsward een belangrijk voordeel zou kunnen zijn door aansluiting aan het groote spoorwegnet. Dat voordeel zou vervallen, als die dijk — zooals sommigen willen — op Zurich uitkwam en we dienen derhalve wakende te zijn. Moge het ons gegeven zijn ook in 1925 harmonisch samen te werken tot bloei van onze goede stad.

De spoarline oer de Ofslútdyk komt der net troch de ferswakte posysje fan'e NS. Yn 1932 is de skuldelêst oprûn oant 20 miljoen gûne en dêrneist is der grutte

Dorpscanon van Folsgeare

Folsgeare oan it spoar

konkurrinsje fan auto's, bussen en frachtweinen. De direksje fan 'e NS nimt dêrom yn 1939 it beslút ta útstel fan 'e Suderseespoarwei wêrfan't de kosten op 14 miljoen rûsd wurde.

Fan útstel komt ôfstel, "Folsgeare oan it spoar" is no definityf fan 'e baan. Dêrfoar yn it plak leit Folsgeare no oan Rykswei 43 / A7

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto: Nieuw Land Erfgoedcentrum

Kaartsjes: Tresoar, Eekhoff, Zuiderzeevereniging

Kranteartikelen: Het Nieuws van de dag, Dragster Courant, Algemeen Handelsblad, LC

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.